



**29738**

# **SPA MEI STRESS**

(Een kuuroord vol met stress!)

**KLUCHT YN TRIJE BEDRIUWEN**

Fan

**Nico Torrenga**

Foar it Frysk oerset troch:

**Lammert Dijkstra**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**

**Tel: 072 - 5 11 24 07**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

**Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die dit stuk gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur te vermelden. De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd. Direct daarop volgend de titel van het stuk. De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

### **Copyright: © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt. Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau

### **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) / Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van bundel bij de uitgever inclusief recht voor 10 opvoeringen.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.

**Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

**PERSOANEN:**

\*JORIS HAZENBERG - eigner kueroarde

\*FLORIS HAZENBERG - twilingbroer fan Joris

LEONIE KUIPERS - skientmespesjaliste

GEARTSJE STRAATMAN - keamerfamke

PIETER SMID - gast

AALTSJE SMID - syn frou, gast

TRUIDA DE WINTER - gast

PIM VAN DE BEEK - gast

\*\* MARJAN KLAASENS - TV-programmakker

\*\* PAUL - kamerama/frou

\*\*\* SPREKKER - foar oanfang toanielstik

\* Dûbelrôl

\*\* Dizze rollen kinne troch in man likegoed as troch in frou spile wurde

\*\*\* Sprekker is in hiel lyts roltsje. Kin spile wurde troch foarsitter of gasthear/frou fan lokaasje dêr't spile wurdt. Dizze rol moat op elke oare lokaasje nei alle gedachten wat oanpasse wurde.

**6-5-4 froulju – 3-4-5 manlju**

**DEKOR:**

Yn de midden in iepening. Nei links is de yngong en nei rjochts nei alle fertrekken fan de kueroarde. Rjochtsefter stiet in resepsje en oan de rjochter sydkant in doar nei salon/kantoar. Linksfoar 1 à 2 sitsjes mei elk 3 stuollen. Toaniel is moai oanklaaid, lykas te sjen is yn in SPA kueroarde. Links tsjin it lewant 2 pylders, mei dêrop grutte pot mei orchideeën of soks. Op de baalje ek pot mei orchidee. Op it efterlewant yn de iepening sierletters mei 'Kuuroord Hazenberg'.

## EARSTE BEDRIUW

*foar't it doek iepengiet wurdt der ûnder it iepeningswurd in ferlotting holden yn ferbân mei in jubileum fan de toanielferiening.*  
*de priis (foarôf net bekend meitsje) is in wykein nei in kueroarde/ SPA foar 2 persoanen. by ynkommen kriget elkenien in lotsje mei in nûmer. dy geane fansels net yn de doaze, want dêr sit allinnich dy fan Truida yn! yn 'e seal (efteryn, komme der ûnder iepeningswurd sa ûnopfallend mooglik noch yn) sitte op dat stuit Truida de Winter en har freondinne Aaltsje Smid.*

Iepeningswurd...

**SPREKKER:** (*docht earst ferhaal oer jubileum; sels ynfolje*) No hawwe jo by ynkomst in lotsje mei in nûmer krigen. Wy hawwe hjir yn 'e amer (*of sokssawat*) de lotsjes sammele en sille no alfêst de priis ferlotsje. (*eventueel noch in taart om oannimlik oer te kommen*) En de winner fan ús jubileumpriis is nûmer... (*foarôf regelje*)

**AALTSJE:** (*pittige tante, lûd en dúdlik*) Och, dat is spitich, ik haw nûmer...

**TRUIDA:** (*bytsje wrâldfrjemd, ûnnoazel en âlderwetsk type, praat wat behyplik...*) Wachtsje ris...haw ik??? (*moat 't lotsje noch út har taske helje*) Dy fan my sit noch yn myn taske... efkes sjen, hear.

**AALTSJE:** Neffens my hasto...Truida!!!

**TRUIDA:** Ja, neffens my ek...Jaaaaaah (*útskroeven*) Ooooh, wat moai!

**AALTSJE:** (*behellet 't publyk deryn*) No, de jûn begjint goed. (*laket*)

**TRUIDA:** Och hearken, wa hie dat tocht... Ik win ommers nea wat. (*sprekker nûget de dames út nei foaren te kommen, freget applaus fan publyk, freget harren nammen, lokwinket Truida. Truida hâldt en draacht har lykas hie se de jackpot wûn*) Tankewol, tankewol. Oh, wat moai hê?! En ik wit noch net iens wat ik wûn haw. Och, och, wat in konstipaasje. (*se bedoelt konsternaasje*) Ik hoopje wol dat it de muoite wurdich is. Krij der gewoan de senuwen fan. Wy hawwe ommers nea gelok!

**SPREKKER:** (*laitsjend*) No, gelok yn de leafde dochs wol, mefrou?!

**TRUIDA:** Gelok yn de leafde? (*froulju sjogge inoar oan en laitsje dan lûd*) Man, praat my der net fan...

**SPREKKER:** Mar jo binne dus wol troud?

**TRUIDA:** Jawis, al hiel wat jierren.

**SPREKKER:** En wie it leafde op it earste each?

**TRUIDA:** (*laket*) Nee, hein ofte nei net. Minsken noch oan ta, wat fûn ik him ûnsjoch. Hy is lang en sa meager as in bonkerak, earen sa grut as skûtels, toskan skean en bryk yn 'e mule en in noas om 'jo' tsjin te sizzen. Mar ja, de moaien wiene al beset, dat, ik moast it der mar mei dwaan! In mins moat in kear fan 'e dyk, dochs?!

**SPREKKER:** (*wit har efkes gjin ried*) Mar dan is hjoed wol jo geloks-dei, want jo winne in wykein spa.

**AALTSJE:** Ooooh Truida, wat moai!

**TRUIDA:** (*sjocht wat ûnnoazel*) De wat?

**SPREKKER:** in wykein spa!

**TRUIDA:** (*teloarsteld*) Spa, sizze jo? No, dat falt dan wer ôf. Winst lang om let ris wat, winst Spa! Ik fyn dy rommel net te sûpen.

**SPREKKER:** (*laitsjend*) Gjinn mineraalwetter mefrou, jo geane nei in kueroarde. Dat neamt men ek wolris in 'spa'.

**TRUIDA:** En wat moatte we dêr dan dwaan? Ik haw nearne in kuer foar nedich, hear!  
Ik bin sa sûn as in fisk.

**AALTSJE:** (*laket*) Nee Truida, dat bedoelt menear net. Yn in kuer-oarde krigest skientmebehandelings en massaazjes en der is grif in kapsalon, in sauna en fansels lekker sûn iten.

**SPREKKER:** It is in lang wykein foar 2 persoanen. (*oerlanget de wearde sjek*)

**AALTSJE:** Oh Truida, dat is prachtich. Kinne we lekker tegearre gean.

**TRUIDA:** (*sjocht har ferwûndere oan*) Tegearre? Neffens my haw ik de priis wûn.

**AALTSJE:** Do tinkst dochs net dat dyn Hindrik mei giet nei in kuer-oarde?

**TRUIDA:** (*fernuvere*) Wêrom net?

**AALTSJE:** (*laket*) Dat is dochs neat foar him? Ik sjoch Hindrik dêr noch net omrinnen yn in badjas, lit stean fan yn in swimbroek. Hy draacht neffens my noch syn swimbroek oer syn wollen lange ûnderbroek.

**TRUIDA:** (*laitsjend/befêstigjend*) Ja...ja...Dy is bang om kjeld te skypjen. Hy is ek altyd krekt sa kâld as in kealskeard skiep. As jûns syn falske tosken yn it bakje op it oanrjocht steane, klapperje syn tosken noch! (*laitsje beiden*)

**SPREKKER:** No dames, ik soe size: genietsje fan de priis en lit ús witte hoe't it west hat.

**TRUIDA:** Ja, dat sil ik grif dwaan. Tankjewol. (*rinne fuort en betinkt har ynienen wat*) Wannear is it eins?

**SPREKKER:** Wannear jo mar wolle, mefrou. De weardebon is ûnbeheind jildich.

**TRUIDA:** Oh, dat is moai. No, dan lit ik Hindrik moai thús en gean ik tegearre mei dy, Aaltsje. (*de froulju geane ôf, mar prate troch oant se ôf binne. Sprekker winsket elkenien in noflike jûn en doek giet iepen. As it doek iepengiet sjogge wy Joris drok oan it work*)

**JORIS:** Even sjen oft der bysûnderheden binne! Smid moat ôffalle sjoch ik. No, dat wurdt regele Smid. Jo binne by ús op it kreative adres. Oan 'e ein fan de wike binne jo in stik lichter (*makket jild gebeart mei fingers*) yn 'e ponge.

**GEARTSJE:** (*sleauwe faam, altiten wurch, komt gapjend midden-links op, sjocht der ûnfersoarge út, hierren wyld*) Moarn.

**JORIS:** (*fleurich*) Goeiemoarn sinneskyn. (*sjocht betinklik*) Wat sjochst der wer hearlik fris út hjoed.

**GEARTSJE:** (*gapjend*) Tankjewol.

**JORIS:** Ast mar net tinkst dat ik dy hjoed sa op 'e wurkflier hawwe wol.

**GEARTSJE:** (*fernuvere*) Huh? Wat is der mis mei my?

**JORIS:** Wat is der mis mei my, freget se... Mins, sjoch ris yn in spegel. Neffens my bisto sa út it bêd rôle.

**GEARTSJE:** (*grutsk*) Ik haw myn hierren fôhnd, net goed?

**JORIS:** No, it is krekt as is dyn fôhn ûntploft.

**GEARTSJE:** Ik fyn it wol moai.

**JORIS:** No, ik net! Do moastst noch mar efkes wat oan dyn kapsel dwaan. Boppedat kin in bytsje make-up gjin kwea. Klaai dy mar fluch om...

**GEARTSJE:** (*bytsje eigenwiis, saluearje*) Ja baas. (*giet rjochts ôf, doar wat te hurd ticht*)

**JORIS:** (*ropt har nei yn 'e doar*) In bytsje in oare toan mei ek wol. (*doar ticht*)

**LEONIE:** (*midden links op, fleurich en goed fersoarge type, kapster, skientmespesjaliste*) Goeiemoarn Joris.

**JORIS:** Goeiemoarn Leonie, bist der wer klear foar?

**LEONIE:** Ik wol, en do?

**JORIS:** Jawis, do kenst my, altiten ier en betiid drok dwaande.

**LEONIE:** Tink mar ris wat mear om dy sûnens.

- JORIS:** Ach, Ik haw no ienris in protte te dwaan. Sels yn 'e sliep haw ik it noch drok en kom ik tiid tekoart.
- LEONIE:** Dochs fyn ik datsto der sa út en troch ek even út moatst, in mins kin ek tefolle fan himsels freegje.
- JORIS:** Ik der tuskenút knipe? En dan? Wa eksploitearret dizze toko foar my? (*laket*) Do... tegearre mei Geartsje? Liket my gjin goed plan!
- LEONIE:** (*teloarsteld*) Tinksto dat ik dat net kin?
- JORIS:** (*beskamme*) No, dó wol, mar Geartsje net. Dy is no al wurch en de dei moat noch begjinne. Ik begryp ek net wêrom't ik har hjir noch wurkje lit.
- LEONIE:** It is wat in sleauwe, ik sis mar sa "Nije biezems feie skjinn, mar âlde biezems kenne al hoeken en hernen".
- JORIS:** Ach, dat is ek wol sa.
- LEONIE:** Se hat gewoan de krekte wize fan oanpakken nedich.
- JORIS:** Dat is wier.
- LEONIE:** Lykas do
- JORIS:** (*ferheard*) Wat bedoelst dêr mei?
- LEONIE:** No, wat sy te min hat, hasto tefolle.
- JORIS:** Ik wit dat ik somtiden te hurd arbeidzje, mar ferlike by myn broer bin ik dochs stikken rêstiger.
- LEONIE:** Watst rêstich neamst. (*laitsjend*) Mar wat dyn broer oanbe-langet hast gelyk, dy ADHD-er is sa fluch, dat as er rûntsjes om in tafel draaft, hy by himsels op 'e rêch skriuwe kin. It is mar goed dat dyn broer oan de Ritalin is.
- JORIS:** Ik mei dan wol wat drok wêze, mar Geartsje is sa loai, dat se moarns earder fan 't bêd ôf komt om út te rêsten.
- LEONIE:** (*laket*) No... ik gean no earst nei myn salon. Der is genôch wurk te dwaan hjoed. (*giet rjochts ôf*)
- JORIS:** Soa, no earst ris sjen oft de sauna wol goed skjinn is en oft alle handoeken byfolle binne. (*rjochts midden ôf*)
- GEARTSJE:** (*rjochts op*) No, fertel mar wat der...? Oh, hy is der net. (*nimt tillefoan gapjend oan*) Spa & Wellness Hazenberg, wêrmei kin ik jo helpe? Oft wy ek yogalessen jouwe? Nee, op dit stuit efkes net...Ja, massaazjes wol en jo kinne foar een beauty behandeling arranzjemint kieze. De tariven? (*ûnferskillich*) Gjin idee. Dy steane wol op ús website... Googel it dan mar even! Hoe dreech kin it wêze. Graach dien hear, dei mefrou. (*suchtsje en gapje, Pim komt links midden op*) Yogalessen, doch normaal mins!  
Sweverich gedoch. Wa hallet it no yn 'e harsens om in healoere op ien skonk stean te gean. Hast net om 'e nocht twa krigen.
- PIM:** (*glêde prater, saaklik uterlik*) Goeiemoarn.
- GEARTSJE:** (*ûnder de yndruk fan Pim*) Oh eh hallo menear.
- PIM:** Ik hearde dy krekt oer yoga, is ek net myn ding, hear.
- GEARTSJE:** It skynt goed te wezen foar de ûntspanning, mar ik wurd al wurch as ik der allinnich mar oan tink.
- PIM:** (*laket*) Ik mei ek net oer dat sweverich gedoch, mar ûntspanning bin ik wol altiten foar, mei it each op myn tige drokke baan!
- GEARTSJE:** (*bleu*) Wat docht menear foar wurk?
- PIM:** Sis mar Pim, hear.
- GEARTSJE:** Okee, Pim. (*gicheljend*)
- PIM:** Ik bin akkountmanager by de Nationale Volksbank. Ik behear de finânsjes fan tige begoedige klanten.
- GEARTSJE:** In soarte fan sparpot bewekker?
- PIM:** (*hat troch dat se net al te snoad is*) Eh, ja...sokssawat.
- GEARTSJE:** Dan kinst wol wat ûntspanning brûke.

**PIM:** Ja, dat kin wol útkomme. Ik haw sels in jier ûnбетelle ferlof naam. Miskien nim ik hjir wol tydlik in baantsje. Smûk mei moaie froulju lykas do om my hinne.  
(*knypeaget nei Geartsje*)

**GEARTSJE:** (*alhiel bleu*) Wy hawwe in vakatuere iepen stean foar yogalearaar.  
(*laket*)

**PIM:** (*laket ek*) No, lit ús dat mar net dwaan. Dêr komme ûngelok-ken fan.

**JORIS:** (*rjochts midden op*) Goeiemoarn, menear.

**PIM:** Goeiemoarn, Pim van de Beek, mar sis asjebleaf Pim.

**JORIS:** Jo binne moai op 'e tiid... Pim, sil 'k dan mar sizze.

**PIM:** Ja, ik bin wol wat oan de betide kant.

**JORIS:** Ik sil jo earst even ynskriuwe en dan bringt Geartsje jo nei de keamer.  
(*regelet wat papierwurk*) As jo hjir efkes tekenje wolle. (*Pim docht dat*) En dan hie ik graach in creditcard fan jo hân foar de betellingsgarânsje.

**PIM:** Mar fansels. (*siket wilens syn portemonnee*) Ach, dy leit noch yn 'e auto. Ik sil him even helje. Bin sa werom. (*links midden ôf*)

**JORIS:** spontane fint, hê?! (*Geartsje stiet noch te dreamen fan Pim*)  
Hallo...immen thús?! Ik sei 'spontane fint, dy Pim!'

**GEARTSJE:** (*bleu*) Ja, yndied.

**JORIS:** Ik mei dochs hoopje datst hjoed wol in bytsje op dyn iepenst bist.

**GEARTSJE:** Haw mar gjin noed, ik doch myn wurk lykas altyd.

**JORIS:** (*yn himsels*) Dêr bin ik dus ek bang foar... (*efter binne stimmen fan Pim en Truida te hearren*)

**PIM:** Soa, dêr bin ik alwer.

**TRUIDA:** (*is tige erchtinkend nei Pim ta*) Ja, en ik wie der ek. (*Joris begroetet Truida, Geartsje net-ynteressearre*)

**PIM:** Ik kaam Truida by de yngong tsjin.

**TRUIDA:** Ja, en hy pakte fuort myn koffer.

**PIM:** (*laitsjend*) Sy tocht dat ik him stelle woe.

**TRUIDA:** (*syssysk*) Ja, laitsje mar, mar witst tsjintwurdich mar nea.

**PIM:** Sjoch ik der sa krimineel út dan?

**TRUIDA:** No, uterlik seit neat. Yn 'e polityk rinne se ek allegearre strak yn 't pak, no, dêr sitte ek hiel wat minsken tusken dy't it sabeare goed bedoele.

**PIM:** (*laitsjend*) Ach, mefrou dochs. Wat tinke jo wol net fan my?

**TRUIDA:** Ik haw gjin idee, mar oant no ta noch neat bysûnders.

**PIM:** Wat hat dy hjir brocht, Truida?

**TRUIDA:** (*ûnnoaze!*) De bus.

**JORIS:** Ik tink, dat Pim bedoelt watst fan doel bist om hjir te dwaan.

**TRUIDA:** Oh, fansels! Ik kom hjir in wike om te ûntspannen. Ik haw in hiel grutte priis wûn. (*Pim is ynienen tige yn har ynteressearre*) Dat, ik nim it derfan... Jild spilet gjin rol.

**GEARTSJE:** En dan komst mei de bus?

**TRUIDA:** Jawis... wat in lúkse, hê?!  
**JORIS:** Frou de Winter is it, hê?!

**TRUIDA:** Sis mar Truida tsjin my, hear...

**JORIS:** Ik sil menear earst even fierder helpe en dan kom ik by jo.

Soa Pim, wy sille earst de boarch noch even regelje.

**PIM:** Mei ik ek cash betelje, ik haw myn creditcard fergetten. (*pakt jild út de binnenbûse, Geartsje djip under de yndruk*)

**GEARTSJE:** Soa, soa, dat is in flink pak jild. Ik soe dêr mar goed om tinke.

**PIM:** Ach, ik bin wend om in protte jild by my te hawwen.

**JORIS:** Dan is dit dyn kaai. Do hast keamer 6.

**GEARTSJE:** (*bytsje oansjitsk*) Sil ik dy nei de keamer bringe, Pim?



**PIM:** Graach Geartsje! Ik praat letter noch mei dy, Truida! (*geane tegearre rjochts midden ôf*)

**TRUIDA:** (*lilk sjocht se him nei*) Bin ik wend, pfff, blast!

**JORIS:** Ik sil jo ynskriuwe, mefrou.

**TRUIDA:** Dat hoecht net. De ..... (*sels ynfolje*) betellet it wykein en myn freondinne en har man komme anst en dy traktearje my op de rest fan it ferbliuw en sis mar gewoan Truida!

**JORIS:** Dat is hiel royaal fan harren.

**TRUIDA:** Dêrom spilet jild ek gjin rol. Sy hawwe in goed rinnende slachterij en ik haw myn freondinne útnûge mei te gean ynstee fan myn man. It like him neat hjirre. Hy wol gjin gedoch oan it liif.

**JORIS:** Mar de man fan jo freondinne komt wol mei?

**TRUIDA:** Dy moat wol fan Aaltsje. Dy hat neat yn te bringen.

**JORIS:** Ach soa... No, prima. Ik sil jo even nei jo, eh...dyn keamer bringe.

**TRUIDA:** Dochs wol njonken dy fan Aaltsje?

**JORIS:** Ja hear. Jo hawwe keamer 7 en Aaltsje hat keamer 8 en oan 'e oare kant hâldt Pim ta yn keamer 6.

**TRUIDA:** (*yn harsels*) No, dan mei de doar wol goed op 't slot. Ik fertrou him foar gjin sint. (*geane tegearre rjochtsmidden ôf, poadium even leech, dan efter it foeterjen fan Aaltsje en Pieter, komme mei 2 koffers links midden op*)

**AALTSJE:** Ach, stel dy net sa alderheislikst oan. It wurdt grif in moaie wike!

**PIETER:** (*bytsje ûnderdienich oan Aaltsje*) Ja, foar dy wol, mar foar my wurdt it in marteling.

**AALTSJE:** (*kloppet him op syn búkje, eventueel búk grouwer meitsje*) In wike fêstje kin foar dy sûnder mis gjin kwea.

**PIETER:** Fêstje neamsto dat? Ik neam it hongerlije.

**AALTSJE:** Alde eamel dy'tst bist. Der steane faaks wol hearlike dingen op it menu.

**PIETER:** (*synysk*) Grif in plakje fleisguod op in bedsje fan slaad, mei 2 dopearten en ien krieltsje derby, mei in pear spatten reade bite-saus der omhinne.

**AALTSJE:** Oerdriu net sa. (*pakt menukaart fan taffeltsje*) No, sjoch hjir ris. Steamde simmergriente mei krûden en quinoa mei posear-re salm.

**PIETER:** De watte??

**AALTSJE:** Of dizze, in fegetaryske mediterrane stoofskûtel, klinkt goed dochs?!

**PIETER:** Fegetarysk?? Gjin fleis?? Ik bin ferdoarje slachter fan berop. Ik wol karbonade, byfstik of soppige speklappen. Ik skep by need wat mear griente op, mar ûntnim my net myn fleis!

**AALTSJE:** Hoe tinksto dat it komt datst in te hege bloeddruk hast en dyn golesterol sit sels boppe de 8 en dat moat ûnder de 5 wêze.

**PIETER:** (*ferdigenjend*) No, ús mem wie wat bliid dat ik boppe in 5 skoarde. (*laket*)

**AALTSJE:** (*strang*) Ja, op 'e legere skoalle fansels. Laitsje it mar wer fuort, mar it laitsjen sil dy dizze wike wol fergean!

**PIETER:** (*befêstigjend*) Dêr bin ik ek bang foar.

**GEARTSJE:** (*gapjend, rjochtsmidden op*) Goeiemoarn, waarden jo al holpen?

**PIETER:** Nee, noch net.

**GEARTSJE:** (*lekker ûnynteressearre*) Hawwe jo reservearre?

**AALTSJE:** Ja wis en myn freondinne Truida komt ek.

**GEARTSJE:** Is dat miskien frou De Winter? Dy is nammentlik al oankaam.

**LEONIE:** (*rjochts op, fleurich*) Goeiemoarn, menear en mefrou.

**PIETER en AALTSJE:** Goeiemoarn.

**GEARTSJE:** Se wolle yntsjekke.

**LEONIE:** (*yrritearre*) No, dat kinsto dochs ek dwaan.

**GEARTSJE:** (*gapjend*) Dat soe kinne.

**LEONIE:** (*hat argewaasje fan Geartsje, mar rjochtet har freonlik ta Smid*) Jo wolle graach yntsjekke, haw ik begrepen.

**AALTSJE:** Ja. Wy binne Smid... Pieter en Aaltsje Smid.

**LEONIE:** (*sjocht yn aginda*) Even sjen... Ah, ik sjoch jo al stean. Jo hawwe foar josels en jo freondinne in all-in relaxing programma besprutsen en foar jo man in full-body health treatment.

**AALTSJE:** Ja, dat kin wol útkomme.

**PIETER:** In de watte??

**LEONIE:** in full-body health treatment.

**PIETER:** Enne, wat hâldt dat yn?

**GEARTSJE:** (*lakonyk*) Dat jo mei fan alles en neat oerspield, troch-spield en útspield wurde.

**LEONIE:** Jo wurde yngeand begelaat wat jo iten, beweging, psyche, ensafuorthinne oanbelanget.

**PIETER:** Psyche? Ik moat wat ôffalle, mar dan hoech ik dochs net mei sa'n dizzenige sielekniper te praten? Der is mei my spygysk (*bewust fout*) neat mis, hear!

**LEONIE:** Ik bedoel ek net in psycholooch, mar as jo lekker yn it fel sitte, fiele jo je ek better yn 'e holle.

**AALTSJE:** (*pakt him even goed by syn búk en laket*) No, fel hat er genôch.

**LEONIE:** As we gelok hawwe, komt Floris dizze wike. Dy jout yogalessen. Hearlik om te ûntspannen.

**AALTSJE:** No, dêr dogge we grif oan mei as it kin.

**PIETER:** Yoga? Is dat in spesjaal yochert dieet, of sokssawat?

**LEONIE:** (*laitsjend*) Nee, yoga is mei help fan ûntspanning en beweging dyn eigen ik fine.

**PIETER:** (*sjocht har dom oan*) Myn eigen ik fine...Ja, ja... is dat yoga dat gedoch mei wiereek, lotusblommen...

**GEARTSJE:** (*laket*) Ja, krekt en Boeddha's, op 'e kop stean, kontakt mei de ierde, (*makket Zen gebeart*) ahummmmmmm.....

**AALTSJE:** (*ûnderbrekt har*) Geartsje, hâld en draach dy in bytsje.

**PIETER:** (*resolút*) Ik doch oan dat dwylsinnige gedoch net mei.

**AALTSJE:** (*driigjend*) Dat dochsto dus wol! Do witst wat de dokter sein hat.

**PIETER:** (*synysk*) Ja, Aaltsje, dat wit ik.

**AALTSJE:** (*strang*) En witst fêst ek noch wol wat ik sein haw?!

**PIETER:** (*ûnderdienich*) Ja, leave, dat wit ik noch.

**LEONIE:** Goed, ik sil jo efkes helpe mei it ynskriuwen. As jo dizze formulieren even ûndertekenje wolle en my in creditcard sjen litte kinne foar de boarch, dan is alles yn oarder.

**AALTSJE:** Dy fan Truida mei ek op ús rekken, hear, Leonie.

**PIETER:** Huh, moat ik dy fan Truida ek bet...

**AALTSJE:** (*ûnderbrekt him*) Pieter! Eamelje net sa! (*Pieter tekenet*)


**LEONIE:** No, dat is dan regele. As jo my folgje wolle, dan bring ik jo nei de keamers. (*pakt kaaien fan it boerd op efterlewant*)

**AALTSJE:** Keamers? Wy hawwe oan ien keamer genôch, hear!

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**